



## FRYSKE NASJONALE PARTIJ

**Finansjeel jierferslach 2015,  
begrutting 2016  
en  
mearjierrenbegrutting 2016 – 2019**

### Ynhâldsopjefte

0. Yn 't foar
1. Ferslach kaskommisje + ûndertekening bestjoersleden
2. Balâns op 31 desimber 2015
3. Jierrekken 2014 en begrutting 2016
4. Ferkoarte jierrekken 2015
5. Mearjierrenbegrutting 2016 – 2019

### Taheakken:

1. Taljochting op de balâns fan 31 desimber 2015
2. Taljochting op de jierrekken 2015
3. Taljochting op de begrutting 2016
4. Taljochting op de mearjierrenbegrutting 2016 – 2019

## Yn 't foar

Lykas wenst jouwe wy hjir in koarte gearfetting fan de sifers yn wurden. Ek inkelde punten, dy't de kommende tiid benammen ús omtinken freegje, wurde neamd.

### 1. Ledetal: De opgeande trend wer te pakken.

Rûn it ledetal yn it jier 2014 noch op yn 2015 sjogge we in ôfname fan 55 leden. Der binne 25 leden ynskreaun; 3 leden binne ôffierd fanwegen net beteljen; 18 leden binne ferstoarn en 57 leden ha betanke as lid. En ha we op 31-12-2015 1218 leden ynskreaun stean. (Op it hichtepunt fan 31-12-2003 stie de teller op 1363 leden) It tal froulike leden is 358. It persintaazje leit no op 29,4%.

### 2. Mearjierrenbegrutting:

It hat der om spant by de provinsjale Steateferkiezingen fan maart 2015, mar it politike klimaat hat him de lêste moannen foar de ferkiezings sa ûntwikkele dat it de OSF slagge is om op eigen krêft op 'e nij in senator yn de Earste Keamer te krijen. Dêrmei binne ek de finansjele ynstruiers foar de FNP yn elk gefal foar de kommende fjouwer jier feilich steld. De mearjierrenbegrutting is der op oanpast. Wol is it sa dat de bydrage fanút de OSF de kommende jierren leger is om't der mear partijen rjocht hawwe op in bydrage.

Finansjeel stiet de FNP der goed foar. It eigen fermogen is yn 2015 wat nei ûnderen gien. Yn in jier dat der steateferkiezings holden binne, kin de jierrekken mei in negatyf saldo fan € 40.376,77 ôfsletten wurde.

Fansels ha de subsydzjes fan de OSF en it wittenskiplik buro in oanhâldende positive ynfloed op de jiersifers, mar ek de solidariteitsbydragen drage der oan by en betelje de steate- en de wetterskipsfraksje harren part yn de ynternet- en gearkomstkosten. Fierders wurde de kosten goed yn de hân hâlden.

### 3. Administraasje: mei yngong fan 1 jannewaris 2012 is de burohâlder yn fêste leantsjinst kaam.

It earste kontrakt dat de burohâlder oanbean krigen hat duorre fan 1 septimber 2008 oant 31 desimber 2011 ta. Fanwegen wetlike bepalingen kin der offisjeel net langer in kontrakt foar bepaalde tiid oangien wurde en is mei de burohâlder mei ynstimming fan beide partijen yn it kontrakt fêstlein dat mocht de subsydzjeregeling Finansiering Politike Partijen foar de OSF senator as lid fan de Earste Keamer fan de Steaten Generaal net langer foar de FNP fan krêft wêze de arbeidsoerienkomst einiget (as yn it oare gefal yn oeren werom gean moat). Sjoen de Steateferkiezingen rûnom yn de provinsjes is dit no yn 2015 net oan 'e oarder.

Om't ús burohâlder al hiel wat ûnderfining opdien hat, hat er de (finansjele) administraasje goed yn 'e macht en is der ek tiid oer om yn alderhande PR-projekten in koördinearjende en útfierende taak út te oefenjen.

Jimme fragen en oanmerkingen op dit ferslach sjogge wy fierder mei belangstelling yn 'e mjitte.

E. De Vries (ponghâlder)  
Maaie 2016

Tj. Brinkman (administrateur oer 2015)



## Undertekening troch alle bestjoersleden fan de jierrekken 2015

### Yn it karbrief stiet it neifolgjende yn FNP2-01

#### Kêst 16:

2. It haadbestjoer bringt op de jierlikse maitiidsgearkomste, as bedoeld yn kêst 17 lid 2, syn jierferslach út oer de gong fan saken yn de feriening en oer it útfierde belied.

It leit de balâns en de steat fan ynkomsten en lêsten mei in taljochting oan de gearkomste oer.

Dy stikken wurde troch alle haadbestjoersleden ûndertekene; ûntbrekt de ûndertekening fan ien of mear fan harren, dan wurdt dêrfan ûnder opjefte fan reden melding makke.

Nei ferrin fan de termyn, as neamd yn kêst 17 lid 2 kin elk lid fan it haadbestjoer yn rjochte foarderje dat elts fan harren dizze ferplichting neikomt.

#### Namme en hantekening:

Ultsje Hosper .....

Hylke Heidstra .....

Jetske Lysbeth de Groot.....

Cees Nieboer .....

Johannes Elzinga .....

Jaap Cuperus .....

Jan Lammers .....

Eddie de vries.....



## Ferslach kaskommisje

De kaskommisje bestie diskear út:

- Pytsje de Graaf fan Ternaard
- Johannes Attema fan Ljouwert

Hja hawwe op 21 april 2016 mei ponghâlder en administrateur gear west foar kontrôle fan de finânsjes oer 2015.

Hja ferklearje hjirby, dat foarlizzende jierrekken oerienstimt mei de fan har neigiene stikken en dat de posten troch de stikken dutsen wurde.

Hja stelle de ledegearkomste dêrom út de ponghâlder en it Haadbestjoer te ûntlêstigjen foar it yn 2015 fierde finansjele behear troch it goedkarren fan it finansjeel jierferslach 2015.

Ofgeand lid fan de kaskommisje is Johannes Attema en yn syn plak sil reservelid Bram Bonnema fan Frjentsjer yn 2017 de kaskontrôle útfiere. Der moat yn de Algemiene Ledegearkomste wer in nij reservelid beneamd wurde.

Ljouwert, 21 april 2016

Johannes Attema.....

Pytsje de Graaf.....

<b>Balans AKTIVA</b>	<b>31-12-2015</b>	<b>31-12-2014</b>
	€	€
<b>Feste aktiva</b>		
FNH-Hûs	P.M.	P.M.
<b>Foarderings op koarte termyn</b>		
Foarrieden	7.891,40	7.745,10
Ofdielings		
Depotbedrach TNT	385,00	385,00
Noch te barren rinte	1.574,24	1.381,70
Oare foarderings	<hr/>	<hr/>
	9.850,64	9.511,80
<b>Likide middels</b>		
Fryslân Bank		
Frl. Bank sparrekken		
Kas	121,2	204,52
Rabobank	6.105,62	21.307,12
Rabobank spar .571	172.021,31	198.683,92
Regiobank Sparrekken	91.996,95	90.748,13
Deposito's		
	<hr/>	<hr/>
	270.245,08	310.943,69
<b>Totalen</b>	<b>280.095,72</b>	<b>320.455,49</b>
<b>PASSIVA</b>	<b>31-12-2015</b>	<b>31-12-2014</b>
		€
<b>Eigen fermogen</b>		
Eigen kaptaal	246.971,75	287.348,52
Legate-fûns	32.654,97	32.654,97
	<hr/>	<hr/>
	279.626,72	320.003,49
<b>Skulden op koarte termyn</b>		
Printkosten Frijbûtser		
Oare skulden		
fakansje jild		
leanheffing desimber	469,00	452,00
porti frijbûtser		
	<hr/>	<hr/>
	469,00	452,00
<b>Totalen</b>	<b>280.095,72</b>	<b>320.455,49</b>
Begjinsaldo 1/1/15	287.348,52	
saldo jierrekken 2015	40.376,77	
Saldo eigen kaptaal 31/12/15	246.971,75	

## 3. Jierrekken 2015

Omskriuwing	Oanpaste				
	Rekken 2012	Rekken 2013	Rekken 2014	Begrutting 2015	Rekken 2015
	€	€	€	€	€
<b>YNKOMSTEN</b>					
Ledejilden ensafh.	44.860,50	43.588,95	44.048,00	45.000,00	43.235,80
5% rieds/steatelede ensfh.	31.384,00	33.229,56	31.462,47	40.000,00	36.116,82
Jeften	1.255,00	204,50	80,00	1.000,00	75,00
<b>Opbr. ferkiezingsfûns</b>				4.000,00	
Opbr. ferk.fûns gemeente		5.841,93	2.250,30		125,00
Opbr. ferk.fûns Steaten			4.672,50		3.947,00
<b>Subsydzjes OSF/Bierman</b>				30.000,00	
Subsydzjes OSF	43.695,48	41.424,94	40.146,00		35.202,95
Subsydzjes Wittenskiplik buro	9.259,43	24.266,50	10.782,74		
<b>Oare ynkkomsten</b>				6.000,00	
Ferkeap propagandamat.	208,30	261,00	151,50		306,00
Barde rinte	6.145,78	5.723,93	2.677,19		2.778,75
Ynkkomsten ferskaat	5.859,50	1.999,00	6.878,27		1.137,75
<b>Totaal ynkkomsten</b>	<b>142.667,99</b>	<b>156.540,31</b>	<b>143.148,97</b>	<b>126.000,00</b>	<b>122.925,07</b>
<b>UTJEFTEN</b>					
<b>Ofdracht ôfdielings</b>				25.000,00	
Ofdracht oan ôfdielings	13.860,24	14.092,30	16.879,00		13.680,15
Ekstra ôfdracht yfm OSF	7.167,00	8.523,00	8.334,00		8.014,68
Ekstra ôfdracht yfm ferk.		3.500,00			
Presinsjejilden ôfdielings	2.015,00	1.317,50	1.566,00		632,00
<b>Kosten Frijbûtser</b>				8.000,00	
Printkosten	3.925,50	2.741,55	4.642,55		3.515,80
Portikosten	2.955,33	4.126,93	3.166,65		3.041,07
Oare kosten Frijbûtser	350,00	400,00	596,84		674,28
<b>Hûsfestingskosten</b>				5.000,00	
Belesting en fersekerings	1.444,69	1.785,30	984,45		1.572,61
Underhâld FNP-Hûs	294,90	2.516,78	398,90		1.748,85
Elektra-gas-wetter	1.010,65	1.036,58	781,47		1.051,82
Boadskippen en oare kosten	381,78	966,07	1.197,08		1.533,32
<b>Kosten burobesetting</b>				15.000,00	
Kosten (lede-)administraasje	12.500,49	12.833,99	13.998,52		13.600,81
Reiskosteferg. burobesetting	786,00	786,00	1.115,12		786,00
Oare kosten frijwilligers					
<b>Administraasjekosten</b>				7.000,00	
Kantoarkosten en printwurk			37,45		622,20
Kosten kantoarapp.	787,19		43,45		
Kstn kompjûters/progr.	4.272,30	4.432,71	421,08		
Tillefoan en ynternet FNP-Hûs	734,60	735,93	738,01		729,68
Porti	1.024,73	89,66	1.787,84		990,12
Abonn./dokumintaasje	153,08	159,00	130,50		186,39
Oare skriuwerskipskosten	391,25	1.080,54	561,63		332,61
<b>Kosten gearkomsten</b>				6.000,00	
Ledegearkomsten	906,49	1.140,70	2.533,80		493,40
Nijjiersgearsit		1.354,51	738,67		1.764,46
Oare gearkomsten	3.745,42	2.943,80	3.505,05		1.745,99
Jubileum FNP 50 jier	16.205,00				
Kursus Frysk	300,00	300,00	1.393,00		540,00
<b>Ûnkosten frijwilligers</b>				6.000,00	
Reis- en ferbliuwkosten	5.207,29	2.700,83	6.479,96		4.865,54
Oare kosten	250,00	200,00	226,19		129,23
<b>Subtotaal/transport</b>	<b>80.668,93</b>	<b>69.763,68</b>	<b>72.257,21</b>	<b>72.000,00</b>	<b>62.251,01</b>

Omskriuwing	Rekken 2012	Rekken 2013	Rekken 2014	Begrutting 2015	Rekken 2015
	€	€	€	€	€
<b>Transport fan side 1</b>	<b>80.668,93</b>	<b>69.763,68</b>	<b>72.257,21</b>	<b>72.000,00</b>	<b>62.251,01</b>
<b>Útlânske kontakten</b>				2.500,00	
Kontribúsje EFA	50,00	2.000,00	1.800,00		4.320,00
Reis- ferbl.kosten yntern.					
<b>Weryndieling</b>		1.000,00	670,00	3.000,00	
<b>Wurkgroepen</b>		3.818,65	666,65		
<b>Jongereinaktiviteiten</b>	488,25	2.149,95		2.000,00	140,40
<b>Ofdielingskommisje</b>	128,60	2.248,70	3.452,00	2.000,00	85,50
<b>Reklame/publisiteit/repr.</b>				7.000,00	
Advertinsjekosten	306,73	710,00	225,00		60,00
Kosten Hiemside	6.761,88		2.795,24		3.709,24
Represintaasjekosten	772,78	1.258,92	1.059,40		969,31
Propaganda-materiaal	970,60	2.337,41			1.949,82
<b>PR Kommisje</b>		237,50	1.362,17		
<b>Kadertrening</b>	1.552,45	253,60	2.605,55	3.000,00	213,10
<b>Oare útjeften</b>				3.000,00	
Rinte en bankkosten	1.151,90	1.472,80	1.504,13		1.880,91
(Kontribúsje) OSF	604,00	604,00	604,00		619,00
<b>Projekten Witt. ûndersyk</b>			17.899,40	3.697,00	5.720,28
Utj.ferskaat		80,84			
<b>Tot. gewoane útjeften</b>	<b>93.456,12</b>	<b>87.936,05</b>	<b>106.900,75</b>	<b>98.197,00</b>	<b>81.918,57</b>
UTJEFTEN FERKIEZINGS					
<b>Publisiteit</b>				40.000,00	
Advertinsjes kranten, ynternet		2.238,50	1.125,11		8.132,22
Radioreklame		2.057,00	3.267,00		3.894,99
Tillevyzje-reklame		3.025,00	4.477,00		4.097,36
Reklame-buorden		54,45	832,27		10.853,43
Ynternet		4.608,55	1.210,00		3.362,76
<b>Printwurk</b>				20.000,00	
Rútbiljetten		3.608,83	882,09		4.330,98
Ferkiezings-Frijbûtser					
Struifolders		2.498,65	3.709,86		11.333,27
Oar printwurk		711,48	8.303,93		3.242,80
<b>Oare ferk.kosten</b>				15.000,00	
Ferkiezings-gearkomsten		109,75			2.691,40
Propaganda-materiaal	767,50	2.614,05	4.282,35		2.786,95
Ferk.kosten ferskaat		308,25	4.747,71		26.657,11
<b>Wetterskipsferkiezings</b>				5.000,00	
<b>Totaal ferk.kosten</b>	<b>767,50</b>	<b>21.834,51</b>	<b>32.837,32</b>	<b>80.000,00</b>	<b>81.383,27</b>
<b>Totaal útjeften</b>	<b>94.223,62</b>	<b>109.770,56</b>	<b>139.738,07</b>	<b>178.197,00</b>	<b>163.301,84</b>
<b>Saldo jierrekken</b>	<b>48.444,37</b>	<b>46.769,75</b>	<b>3.410,90</b>	<b>-52.197,00</b>	<b>-40.376,77</b>

#### 4. Ferkoarte jierrekken 2015

Omskriuwing	Rekken	Rekken	Rekken	Oanpaste	Rekken
	2012	2013	2014	Begrutting	2015
	€	€	€	€	€
<b>YNKOMSTEN</b>					
Ledebydragen	44.860,50	43.588,95	44.048,00	45.000,00	43.235,80
Bydr. rieds/steatedelen	31.384,00	33.229,56	31.462,47	40.000,00	36.116,82
Jeften	1.255,00	204,50	80,00	1.000,00	75,00
Opbr. ferkiezingsfûns		5.841,93	6.922,80	4.000,00	4.072,00
Subsydzjes OSF/Witt. Buro	52.954,91	65.691,44	50.928,74	30.000,00	35.202,95
Oare ynkomsten	12.213,58	7.983,93	9.706,96	6.000,00	4.222,50
<b>Totaal ynkomsten</b>	<b>142.667,99</b>	<b>156.540,31</b>	<b>143.148,97</b>	<b>126.000,00</b>	<b>122.925,07</b>
<b>UTJEFTEN</b>					
Ofdracht ôfdielings	23.042,24	27.432,80	26.779,00	25.000,00	22.326,83
Kosten Frijbûtser	7.230,83	7.268,48	8.406,04	8.000,00	7.231,15
Hûsfestingskosten	3.132,02	6.304,73	3.361,90	5.000,00	5.906,60
Kosten burobesetting	13.286,49	13.619,99	15.113,70	15.000,00	14.386,81
Administraasjekosten	7.363,15	6.497,84	6.515,20	7.000,00	2.861,00
Kosten gearkomsten	4.951,91	5.739,01	8.170,52	6.000,00	4.543,85
Kosten HB/frijwilligers	5.457,29	2.900,83	6.706,15	6.000,00	4.994,77
jongerein/ofd.komm/prkomm	616,85	8.454,80	5.480,82	4.000,00	225,90
aksjes weryndieling		1.000,00		3.000,00	
Kadertreningen	1.552,45	253,60	2.605,55	3.000,00	213,10
Utlanske kontakten	50,00	2.000,00	1.800,00	2.500,00	4.939,00
projekt wittenskiplik ûndersyk			17.899,40	3.697,00	5.720,28
Reklame/publisiteit/repr.	8.811,99	4.306,33	1.954,40	7.000,00	6.688,37
Oare útjeften	1.755,90	2.157,64	2.108,13	3.000,00	1.880,91
jubileum FNP 50 jier	16.205,00				
<b>Totaal gewoane útjeften</b>	<b>93.456,12</b>	<b>87.936,05</b>	<b>106.900,81</b>	<b>98.197,00</b>	<b>81.918,57</b>
<b>UTJEFTEN FERKIEZINGS</b>					
Publisiteit		11.983,50	10.911,38	40.000,00	30.340,76
Printwurk/propagandamateriaal	767,50	6.818,96	12.895,88	20.000,00	18.907,05
Gearkomsten en oare ferk.k.		3.032,05	9.030,06	15.000,00	32.135,46
Wetterskipsferkiezingsferkiezing				5.000,00	
<b>Totaal kosten ferkiezings</b>	<b>767,50</b>	<b>21.834,51</b>	<b>32.837,32</b>	<b>80.000,00</b>	<b>81.383,27</b>
<b>Totaal útjeften</b>	<b>94.223,62</b>	<b>109.770,56</b>	<b>139.738,13</b>	<b>178.197,00</b>	<b>163.301,84</b>
<b>Saldo jierrekken</b>	<b>48.444,37</b>	<b>46.769,75</b>	<b>3.410,84</b>	<b>-52.197,00</b>	<b>-40.376,77</b>



## 5. Mearjierrenbegutting 2016-2019

Omskriuwing	Werklik 2015	Begutting 2016	Begutting 2017	Begutting 2018	Begutting 2019
YNKOMSTEN				gemeenteriedsferk.	riedsferkiezings
	€	€	€	€	€
Ledebydragen	43.235,80	45.000,00	45.000,00	45.000,00	45.000,00
Bydr. rieds/steatedelen	36.116,82	40.000,00	40.000,00	40.000,00	40.000,00
Jeften	75,00	1.000,00	1.000,00	1.000,00	1.000,00
Opbr. ferkiezingsfûns	4.072,00	-	-	8.000,00	8.000,00
Subsydzjes OSF/WB-OSF/Ryk	35.202,95	25.000,00	25.000,00	25.000,00	25.000,00
Oare ynkomsten	4.222,50	4.000,00	4.000,00	4.000,00	4.000,00
<b>Totaal ynkomsten</b>	<b>122.925,07</b>	<b>115.000,00</b>	<b>115.000,00</b>	<b>123.000,00</b>	<b>123.000,00</b>
UTJEFTEN					
Ofracht ôfdielings	22.326,83	30.000,00	30.000,00	30.000,00	30.000,00
Kosten Frijbûtser	7.231,15	8.000,00	8.000,00	8.000,00	8.000,00
Hûsfestingskosten	5.906,60	5.000,00	5.000,00	5.000,00	5.000,00
kosten burobesetting	14.386,81	15.000,00	15.000,00	15.000,00	15.000,00
Administraasjekosten	2.861,00	7.000,00	7.000,00	7.000,00	7.000,00
Kosten gearkomsten	4.543,85	6.500,00	6.500,00	6.500,00	6.500,00
Kosten frijwill. HB ensfh.	4.994,77	6.000,00	6.000,00	6.000,00	6.000,00
Kaderkommisje	213,10	3.000,00	3.000,00	3.000,00	3.000,00
Utlânske kontakten	4.939,00	2.500,00	2.500,00	2.500,00	2.500,00
Reklame/publisiteit/repr.	6.688,37	7.000,00	10.000,00	7.000,00	7.000,00
Ofdielingskommisje	85,50	2.000,00	2.000,00	2.000,00	2.000,00
Projekt wittenskiplik ûndersyk	5.720,28				
Oare útjeften	1.880,91	3.000,00	3.000,00	3.000,00	3.000,00
Jongereinaktiviteiten	140,40	2.000,00	2.000,00	2.000,00	2.000,00
Weryndieling					
WURKGROEPEN					
<b>Tot. gewoane útjeften</b>	<b>81.918,57</b>	<b>97.000,00</b>	<b>100.000,00</b>	<b>97.000,00</b>	<b>97.000,00</b>
UTJEFTEN FERKIEZINGS					
Publisiteit	30.340,76	-	8.000,00	10.000,00	40.000,00
Printwurk	18.907,05	-	6.000,00	7.500,00	20.000,00
Oare ferk.kosten	32.135,46	-	6.000,00	7.500,00	15.000,00
Wetterskipsferkiezings					5.000,00
<b>Totaal ferk.kosten</b>	<b>81.383,27</b>	<b>-</b>	<b>20.000,00</b>	<b>25.000,00</b>	<b>80.000,00</b>
<b>Totaal útjeften</b>	<b>163.301,84</b>	<b>97.000,00</b>	<b>120.000,00</b>	<b>122.000,00</b>	<b>177.000,00</b>
Saldo jierrekken	<b>40.376,77-</b>	<b>18.000,00</b>	<b>5.000,00-</b>	<b>1.000,00</b>	<b>-54.000,00</b>
Begutte eigen fermogen		prognoaze ein 2016	prognoaze ein 2017	prognoaze ein 2018	prognoaze ein 2019
ultimo fan de jierren	<b>279.626,72</b>	<b>297.626,72</b>	<b>292.626,72</b>	<b>293.626,72</b>	<b>239.626,72</b>

## Taheakke 1 - Taljochting op de Balâns op 31 desimber 2015

### AKTIVA

#### Fêste aktiva

##### FNP-Hûs

It partijhûs oan de Obrechtstrjitte 32 yn Ljouwert is PM opnommen, om't dat fermogen net brûkt wurde kin yn de eksploitaasje. It binne gjin likide middels.

In yndikaasje fan de frije ferkeapwearde is it bedrach dêr't de ûnreplik saakbelesting op basearre wurdt fan € 133.000

#### Flottende aktiva

##### Foarrieden

Foarprinte papier Frijbûtser	€	629,40
Foarried papier	-	200,00
55 tinkboeken à € 10	-	550,00
31 FNP flaggen à € 27.50	-	852,50
70 FNP sjaals à € 8,50	-	595,00
41 FNP mûtsen à € 4.50	-	184.50
62 FNP jassen à € 32.50	-	2.015,00
65 FNP spandoeken à € 40	-	2.600,00
10 FNP petten à € 2.50 -	-	25,00
5 Banieren mei spandoek	-	240,00
<b>Totaal</b>	<b>€</b>	<b>7.891.20</b>

#### Foarderings op koarte termyn

It saldo noch te barren/yn 't foar betelle op 31 desimber bestiet út:

Depotbedrach TNT	€	385,00
Te barren rinte oer 2015	-	1.574,24
<b>Totaal</b>	<b>€</b>	<b>1.959.24</b>

#### Likide middels

Saldy Rabobank en Regiobank neffens dei-ôfskriften.

Kas neffens oersjoch en opname fan de administrateur.

### PASSIVA

#### Eigen fermogen

Yndertiid wie it sa ôfsprutsen, dat der altyd € 5.000 as eigen kapitaal op de balâns oanhâlden wurde moast. Alles wat dêr boppe kaam waard yn it ferkiezingsfûns byskreaun.

No is der neist it út respekt foar de skinkers oan te hâlden Legatefûns allinnich sprake fan eigen kapitaal. De reservearringen foar de ferkiezings en oare gruttere útjeften, dy't foar de nei-oane takomst te foarsjen binne, wurde ynsjochtlik makke op de mearjierrenbegutting.

It Legatefûns sil (neffens beslút fan it Haadbestjoer) allinne brûkt wurde foar spesjale projekten en útjeften en is yn 2014 net wizige. De rinte oer it Legatefûns wurdt wol brûkt yn de eksploitaasje.

Eigen kapitaal op 01-01-2015	€	287.248,52
Minus negatyf saldo gewoane ynkomen en útjeften		40.367,77

**Totaal eigen kapitaal op 31-12-2015** € **246.971,75**

#### Skulden op koarte termyn

It saldo noch te beteljen bestiet op 31-12-2015 út de folgjende posten:

Leanheffing /sosjale lêsten desimber 2015	469,00
<b>TOTAAL</b>	<b>469,00</b>

## Taheakke 2 – Taljochting op de Jierrekken 2015

### Ynkomsten

#### LEDEBYDRAGEN

1. Rûn it ledetal de lêste jierren stadichoan wer op, yn it jier 2015 sjogge we in ôfname fan 55 leden derby. En ha we op 31-12-2015 1.218 leden ynskreaun stean.  
De gemiddelde bydrage troch de bank naam is heger as foarich boekjier en wol € 37.63.  
De gemiddelde bydrage oer 2013 wie € 36,70 en dy is oer 2015 dus tanaam mei 2,5 %  
It útfieren fan it yn Kassobelied is oanhâldend. Ek troch persoanlik telefoanysk kontakt te sykjen, sawol fan de partijûsmeiwurkers/HB en ôfdielingsbestjoerders, wurdt oantrune op beteljen, mar it bliuwt swierrissich. Úteinlik binne der yn 2015 3 leden útskreaun fanwege niet beteljen. En steane der oan it ein fan it jier 72 noch net betellers op 'e list. Dit is 5,9% fan ús ledetal

It bysûnder reglemint oangeande it ynbarren fan it ledejild is oanpast. De perioade fan noch net betelle ha is werom brocht ta sa'n oardel jier. Yn dat skoft is der dan in earste akseptgiro de doar útgien, binne der trije oanfiterbrieven ferstjoerd en is der dan twa kear persoanlik kontakt opnaam, de earste kear fanút it partijûs, de twadde kear troch it ôfdielingsbestjoer.

Al hiel lang wurdt de minimale ledebydrage fan € 24,50 net ferhege. Neffens beslút fan in algemiene ledegearkomste soe de minimum-bydrage jierliks oanpast wurde moatte oan de ynflaasje, mar der wurdt fan ôfsjoen, salang't de finansjele posysje fan de feriening der sa goed útsjocht.

Oft der by it betankjen as lid as reden 'om finansjele reden' oanjûn wurdt, hat it HB besletten om yn dat gefal harren de mooglikheid oan te bieden om foar heal jild (€13) lid bliuwe te kinnen. Wol op betingst, dat mocht it wer wat rommer sopkje, it normale lidmaatskipsjild betelle wurdt.

#### 2. BYDRAGE RIEDS/STEATELEDEN

Dit jier jildt noch it beslút út 1984 en wurdt fan alle rieds- en steateleden, wethâlders, wetterskipsfraksjeleden in solidariteits-bydrage frege fan 5% fan de brutofergoeding dy't der foar it rieds- en steatewurk betelle wurdt. De op de AL fan 2012 oanpaste regeling giet nei de ferkiezingen fan 2013/2014/2015 yn.

Op inkelde riedsleden en wethâlders nei is yn 2015 fan elkenien de solidariteitsbydragen binnenkaam

#### 3. JEFTEN

De post jeften bestiet foar it grutste part út troch bestjoersleden en frijwilligers weromstoarte ûnkostefergoedings, mar der wurdt ek wolris troch leden neist harren ledejild in jefte oermakke.

#### 4. OPBRINGST FERKIEZINGSFUNS

Begjin desimber 2014 is de biddelbrief foar de steateferkiezingskampanje nei ús leden útgien en is der yn it lêst fan 2014 €4.672 ynkaam. Op de jierrekken fan 2015 is der € 3.947 binnenkaam. Yn totaal foar dizze kampanje is €8.644 troch ús leden oermakke. Dat is gâns leger as de ferkiezingskampanjeften fan fjouwer jier ferlyn. Doe is der troch ús leden likernôch €12.000 stoarten wurden.

#### 5. SUBSYDZJES OSF/WITTENSKIPLIK BURO

Yn 2015 hat de OSF yn totaal in bedrach fan € 35.202,95 oan subsidzje oan de FNP oermakke. Dêrta moat it HB/de ponghâlder offisjele rekkens fan troch it Ryk subsidiabel achte projekten oanleverje.

#### 6. OARE YNKOMSTEN

De ynbarde rinte is de lêste jierren hurd werom rûn. Oer 2015 is it lykwols aardich lyk bleaun neffens 2014. Is der oer 2014 noch €2.677,19 rinte ynbarde, oer 2014 is de ynbarde rinte €2.778,75

Fierders stiet by dizze post de bydragen fan de steate- en wetterskipsfraksje resp. € 1.000 en €720 foar de ynternetûnkosten ferantwurde. Dêrneist hat de fraksje gearkomstekosten foar harren rekken naam.

En fierders kinne we hjir noch in bedrach fan €200 beneame, dat de EFA betelle hat foar in advertinsje yn de Frijbûtser.

## Útjeften

### OFDRACHT OFDIELINGS

1. Neffens beslút fan de ledegearkomste wurdt 20% fan de troch leden betelle bydrage en troch riedsleden betelle solidariteitsbydrage oerskreaun nei de ôfdielingsrekken. Yn 2002 is besletten, dat de minimumôfdracht oan in ôfdieling € 150 yn 't jier wêze sil. Sjoch fierder taheakken 6 en 7. Yn maart 2006 hat it HB nei besprek fan ferskate farianten besletten ta de folgjende regeling:
  - de ôfdielings krije struktureel 20% fan de jierliks barde OSF subsydzjes
  - de helte fan dizze 20 % wurdt lyk ferparte oer de ôfdielings en de oare helte op basis fan de ledetallen fan de ôfdielings op 1 jannewaris fan dat jier (= deselde berekkeningswize dat de OSF hantearret foar harren dielnimmende provinsjale partijen)Mei yngong fan 2008 wurdt € 25 presinsjeld + reiskostefergoeding foar it bywenjen fan provinsjale gearkomsten foar ôfdielingsbestjoerders- en politisy op it ôfdielingsrekkennûmer byskreaun.  
En fan 2010/2011 ôf wurde de bank- en websidekosten fan de ôfdielings foar rekken nommen fan it HB as hja by it sintrale bankrekkennûmer fan de FNP by de Rabo Snits ûnderbrocht wurden binne. Sjoch post Oare útjeften/bankkosten  
Allyksa wat de websiden oanbelanget. As de ôfdielingshiemsiden as subdomein by de FNP webmaster ûnderbrocht waarden, nimt it HB alle kosten foar har rekken. Sjoch post Publisiteit/kosten hiemside.

### KOSTEN FRIJBUTSER

2. 6 gewoane Frijbútsers ferskynd (yn 2013 wiene dat 8)

### HUSFESTINGSKOSTEN

3. **De fêste lêsten fan it FNP-Hûs besteane út:**

Belestings en fersekerings	€	1.572,84
Mei de rekken fan de nutsbedriuwen derby fan yn totaal	€	<u>1.051,82</u>
komt it totaal oan lêsten foar it partijhûs op	€	2.624,66

Der is yn dit boekjier lyts en grut ûnderhâld oan it partijhûs útfierd. De kosten ha €1.748,85 west.

### KOSTEN BUROBESETTING

No't we fanôf 2015 op 'e nij in OSF-senator yn de Earste Keamer krije, binne we de earstkommende fjouwer jier wer fersekere fan oanbelangjende subsydzjeynkomsten en kin de burohâlder yn fêste tsjinst bliuwe foar 12 oeren wyks.

Lean + ûnbelêste reiskosten wen-wurk	€	11.722,57
UWV/sosjale lêsten	€	1.858,78
Útbestege leanadministraasje	€	805,06
Fersomfersekering	€	480,72
<u>WGA fersekering</u>		<u>51,45</u>
Totaal	€	14.918,58

De oare frijwilligers op it FNP-Hûs wurkje om 'e nocht, mar kinne reiskosten fergoede krije. Tsjin de krystdagen oan wurdt harren in krystpakket fan € 50 oanbean.

### ADMINISTRAASJEKOSTEN

4. Yn 2012 is it kopiearapparaat tsjin restwearde oerkocht. Wy ha gjin leasekosten mear, om't it apparaat no ús eigendom is. Eventuele ûnderhâldskosten binne wol foar ús rekken, mar dat hat oant no ta noch nea plakfûn.

### KOSTEN GEARKOMSTEN

5. De kosten fan de gearkomsten foelen de lêste jierren aloan heger út. Yn 2015 binne we rum binnen de begrutting bleaun. Dit komt ek om't in grut part fan de Ledegearkomsten troch de Steatefraksje betelle binne. Ek binne de Ferkiezingsgearkomsten ûnder ferkiezingskosten pleatst. Lytse gearkomsten oant sa'n 10 persoanen kinne op it partijhûs telâne, foar gruttere gearkomsten sitte we it meast yn hotel Duhoux yn Wurdum. De prizen fan wat yn rekken brocht wurdt, rinne stadichoan op. It tal gearkomsten nimt ta en ek kwa opkomst fan bestjoerders, politisy en leden is der sprake fan hieltyd mear belangstelling, dêr't we fansels oe sa mei ynnaam binne en ús jild graach oan besteegje.

### **UNKOSTEN FRIJWILLIGERS**

6. Leden fan it haadbestjoer en FNP-kommisjes kinne har ûnkosten – yn hast alle gefallen wurde allinnich kilometerkosten à € 0,28 – deklarearje. Net eltsenien leveret deklaraasjes oan en yn it oare gefal bart it ynleverjen fan deklaraasjes net al te regelmjittich en kin it totaal fan dizze útjeften it iene en it oare jier noch al wat ferskil te sjen jaan.

### **UTLANSKE KONTAKTEN**

7. De útjeften binne dit jier beheind ta kontribúsjes oan de EFA .

### **WERYNDIELINGS**

----

### **REKLAME/PUBLICITEIT**

De kosten foar de hiemside + oersetten op .frl en de einôfrekken fan de nije hiemside dy yn 2014 oplevere binne € 3.709,24. Der binne foar €1949,82 nije FNP pinnen besteld

### **KADERTRENING**

8. Der is ien gearkomste mei nije leden west

### **OARE UTJEFTEN**

9. De bankkosten wurde hieltyd heger. Dat komt om't we fanôf 2012 de bankrekken fan de ôfdielings en ek wol fan fraksjebudzjetbehearders by de sintrale FNP bankrekken ûnderbrocht hawwe. Hja kinne likegoed, mar allinnich ynternetbankierend mei in OnlineKeypas harren eigen finansjele saken regeljen bliuwe.  
Fanwegen de subsydzjefoarskriften foar politike partijen moat der in kontribúsje fan € 604 betelle wurde oan de OSF.  
Hjir stean ek de útjeften fermeld dy't ûnder it nûmer fan it Wittenskiplik Buro fan de OSF ferantwurde wurde. It yn 2015 útbetelle jild oangeande it Wittenskiplik Buro fan €5720,28, binne twa ôfrekkens oer foargeande jierren. Foar in wittenskiplik ûndersyk nei "Welke modellen of best practices zijn er wat betreft regionale autonomie in Europees vergelijkend perspectief, en welke cruciale juridische, bestuurlijke en politieke faal- en succesfactoren zijn daarbij te onderscheiden?" is yn 2014 in foarskot fan €10.000 nei de Rijksuniversiteit Groningen oerskreaun. Yn 2015 is dit projekt oplevere en is der noch € 3697.76 oermakke.  
Fan de ynkommen subsydzje foar de Skotlânreis is ferline jier in rekken fan €414 betelle. Begjin jannewaris 2015 is it restearjende bedrach fan €2.022,52 betelle.

### **UTJEFTEN FERKIEZINGS**

10. De steateferkiezings hawwe € 81.383,27 koste. Mar mei de oanfolging fan de foarried spandoeken en pr materiaal komt it ûnder de limyt fan €80.000

## **Taheakke 3 – Taljochting op de oanpaste begrutting 2016**

De begrutting foar 2016 is yn novimber 2015 fêststeld troch de algemiene ledegearkomste.

Ien post is oanpast: De weryndielingsferkiezings yn 2017 krije neffens ynwenneroantal in budzjet fan €20.000 en de reguliere gemeenteriedsferkiezings yn 2018 € 25.000

## **Taheakke 4 – Taljochting op de mearjierrenbegrutting 2016-2019.**

### **Algemien**

De Mearjierrenbegrutting, sa't wy dy hjir opnimme, hat in ynformearjende funksje.

De algemiene ledegearkomste behannelet nammentlik allinne de begrutting foar it kommende jier en stelt de jierrekken fan it ôfrûne jier fêst.

Dochs biedt de MJB, sa't er no foarleit dochs ynformaasje oer de finansjele stân fan saken en beliedsfoarnimmens foar de nei-oane takomst

De OSF stiet ek de kommende perioade wer boarch foar in fêste boarne fan ynkomen en is de mearjierrenbegrutting dêr op oanpast. Oan dizze dochs altyd wer ûnwisse faktor is ek it yn fêste leantsjinst hawwen fan de burohâlder foar 12 oeren wyks keppele.

### **Ynkomen.**

No't we mei de lêste gemeenteriedsferkiezings sa'n goeie slach slein ha en mear riedsleden en no ek 10 wethâlders foar de FNP yn it spier ha, sil de post fan de solidariteitsbydragen de kommende fjouwer jier op grûn fan de op de AL fan novimber oanpaste rjochtline foar de de solidariteitsbydrage likernôch €8.000 heger útfalle as yn de foarige perioade.

Op de AL fan novimber 2012 is de neifolgjende rjochtline foar de solidariteitsbydrage oannommen:

Om wat mear lykwicht yn de finansjele ôfdracht oan de partij te krijen, freegje we fan wethâlders, deputearre, boargemaster, DB-wetterskipsbestjoerders it dûbele fan wat riedsleden yn harren gemeente, steateleden en AB-wetterskipsbestjoerders no ôfdrage. Konkreet betsjut dat dus foar harren in solidariteitsbydrage fan 10% fan de brutofergoeding fan rieds- en steateleden.

Oft hja harren rjocht op wachthjild jilde litte, freegje we harren in inkelde solidariteitsbydrage. Yn it gefal dat in wachthjildrinnende oanbliuwt as riedslid, itsij steatelid wurdt oardel solidariteitsbydrage frege.

Dêrneist leverje aksjes ûnder ús eigen leden lykas foar it ferkiezingsfûns aardich wat jild op en makket dat ynkomen fan jier ta jier aardich ferskille kinne

### **Utjeften**

De OSF stiet de kommende perioade wer boarch foar in fêste boarne fan ynkomen en is de mearjierrenbegrutting dêr op oanpast. Oan dizze dochs altyd wer ûnwisse faktor is ek it yn fêste leantsjinst hawwen fan de burohâlder foar 12 oeren wyks keppele.

Om't de measte ôfdielings fakentiids mar wat krap by kas sitte biedt de fermogensposysje fan de provinsjale FNP no de beliedsmjittige romte om de ôfdielings in hegere trochbetelling as de sûnt lange tiid fêststelde 20% ta te kennen. Op de AL fan novimber 2015 is it útstel oan de leden om dit persintaazje te ferheegjen ta 25% oannaam.

Alle posten binne opnommen op basis fan ûnderfiningssifers en foar it hiele tiidrek oant en mei 2019 hoeden rûsd.